

## Dat komt troch it libben

Hoe 't alles sa rint, dat komt troch it libben

Fan út har keukensrút yn Leppehiem  
sjocht sy it hûs fan 'e dûmny  
Dat-is wêr 't Janke Lemstra  
yn 'e hûs kaam  
Se wie tolve jier

kinst wol oan it wurk sei mem  
passe op 'e bern  
die kweekskoalle yn Snits  
moatst mar ferjitte  
dêr meist net hinne fan heit  
Want it is oarloch en  
yn Snits wurdt op 'e Dútsers sketten

Hoe 't alles sa rint, dat komt troch it libben

Oanpakke sei heit,  
net ik wol dit, ik wol dat  
Sy kaam yn Akkrum te plak en learde alles  
naaie en skilderje en dûnsje mei Pieter  
Dy't by de befrijing mei it corps spile

Dêr kaam leafde fan  
sy trouwden en  
krygen twa bern en yn 'e jûntiid  
learde Janke noch  
foar kleuterjuf  
Mar wêr is dat goed foar  
ik ha dochs in goeie baan fûn Piet

Hoe 't alles sa rint, dat komt troch it libben

de bern groeiden op, nei de middelbare  
Janke seach ris goed om har hinne  
gie by it UVV en by it Reade Krús, en kaam  
as help by de minsken thús

Se rûn kollektas foar  
- it heart en de reuma  
- De minsken helpe hie se thús leard  
Mem gie te bakerjen  
Stie ek altyd klear  
Wy hawwe it yn 'e earste brij te iten krigen

En yn corona tiid  
Dichters op 'e dyk  
Janke sei jim hawwe wol wat fertsjinne  
Sy gooide snoepkes ta  
Fan ôf har balkon  
Sy fynt it moai om foar in oar wat te  
betinken

Hoe 't alles sa rint, dat komt troch it libben

En op in stuoltsje, yn 'e keamer sit  
in teddybeer mei in pet op  
en in pakje oan,  
die beer krige Janke op har jierdei  
doe 't se twa waard

Op in brief hat se skreon  
foardat sy it ferjit  
har libbensferhaal en in gedichtje

"Graag zou ik mijn beer  
meenemen op de grote reis  
mijn laatste wens  
zonder kleertjes"

Hoe 't alles sa rint, dat komt troch it libben